

'Egypte is ien grutte mem'

FD 4-9-'10

Boekbesprek

Jaap Krol

Spesjaal foar de Moanne fan it Fryske Boek skreau Greet Andringa it kadoboek *Los sân*. Andringa skreau earder de ferhalenbondel *De diggels fan Che* (2003) en de roman *Libben reach* (2008). As koarterferhaleskriuwster is se op dit stuit ferbûn oan it *Friesch Dagblad*.

Welmoed van der Wal is in jonge dokter dy't earne yn de jierren njogentich staaazje rinne sil yn Egypte. Se hat in aardige freon en in oanwêzige mem, persoanen dy't se frijwillich achterlit, om't se einlings ris op eigen fuotten stean wol. It hektyske libben yn it smoarhjitte lân falt lykwols net ta. It brek oan hygiënyske omstannichheden en privacy wage swier en de sosjale konvinsjes binne sa kompliksearre dat se har hast net steande hâlde kin. Panykoanfallen, flauwtes en mar stadichoan in bytsje wenne binne it gefolch.

Yn dizze hektyske setting moetet se Sayyid, de foarsitter fan in studinteútwikselorganisaasje; de moaie dokter

Aziz As-Sa'ad, dy't se eins net negeare wol en dokter Amr Bayoumi, haad fan de ôfdieling sjirurgy fan it sikehûs dêr't se wurket. It berop dat dy manlju op har dogge bringt har yn konfliktsitewaasjes dy't fierder gean as winske. As se nei in pear moanne wer thúskomt, is de staaazje in perioade wurden dy't har hiele libben foargoed op 'e kop set hat.

Ik ha de talleaze haadstikjes dy't *Los sân* ta in ienheid meitsje mei nocht lêzen. Andringa hat Welmoed treffend delsetten as jonge frou dy't miskien sterker wurdt, mar tagelyk merkt dat har swakten en gefoelichheden hieltyd mear opspylje. Mei 'treffend' doel ik foaral op it ferrin fan de botsende ynteraksje fan de inerlike wrâld fan in jonge, wat nayve dokter en de realiteit om har hinne. Dat spul wit de skriuwster troch har flotte styl, skerp each foar detail en goeie komposysje ta in sterke klimaks te bringen, wêrby't ferlet, ûntkenning en skuld hieltyd ynkringender foaroer inoar komme te stean.

Dochs ek wat puntsjes. Egypte mei dan noch sa hurd en benearjend wêze,

it lân wiist har ek op har ambyvalinsje foar thús oer. 'Egypte is ien grutte mem', skriuwt Andringa, wizend nei de relaasje tusken Welmoed en har mem. Eins fyn ik dat dizze relaasje te minimaal útwurke is, lykas har relaasje mei de oare ôfwêzigen (freon, heit). Se kommunisearje net genôch yn de holle fan Welmoed, mar stean in bytsje plichtmjittich op de achtergrûn. Fierders wol ik wize op it twadde haadstikje, dat yn it no spilet en neffens my oerslein wurde moat. Foar jo is dit fansels ûndúdlike taal, mar hooplik ûnthâlde jo myn wurden as jo *Los sân* lêze. Dat ried ik jo beslist oan, want dizze earsteling yn hooplik in nije rige is fierders in prima boek.

i *'Los sân' fan Greet Andringa, Friese Pers Boekerij 2010, fergees by oankeap fan njoggen euro oan boeken yn 'e Moanne fan it Fryske boek*

